

[0919]

BESPREK

Johanneke Liemburg, *Fedde Schurer 1898-1968. Biografie van een Friese koerier*. Ljouwert (2010), Friese Pers Boekerij, 567 s. ISBN 978-90-330-0868-9.

Yn maart 2010 promovearre Johanneke Liemburg, boargemaster fan Littenseradiel, op it libben en wurk fan Fedde Schurer (1898-1968). Fan in biografy oer dy Fryske dichter en politikus wie ferlet, neffens Liemburg, om't it Schurer as gjin oar slagge is om de minsken bûten Fryslân dúdlik te meitsjen dat de Fryske taal serieuus nommen wurde moast. Schurer bliuwt fansels de man fan Kneppelfreed (1951), doe't de reboelje yn Ljouwert om de rjochtsaak tsjin him hinne Den Haach dúdlik makke dat der yn Fryslân ferlet wie fan in wetlike regeling foar it Frysk. Yn de taalstriid waarden doe wichtige stappen set: it Frysk waard erkend as taal yn de rjochtseal en yn it ûnderwiis. Mar Kneppelfreed wie net de earste kear dat de namme Fedde Schurer grut yn it lanlike nijs kaam. Dat wie yn 1930, doe't er om syn passifistyske opfettings ûntslein waard as ûnderwizer oan de kristlike skoalle fan de Lemmer. Letter krige ek syn optreden by de aksje 'De Lauwerssé moat ticht' yn 1960 gâns omtinken yn it lân.

Schurer wie boppedat in Frysk dichter mei útstrieling en kontakten ek bûten Fryslân. Fan 1920 ôf wie er aktyf yn de Fryske Beweging en nei de 'coup' fan de jongerein (1924) waard er sels sjoen as ien fan de pommeranten fan it Kristlik Frysk Selskip. Yn 1925 debutearre er mei in fersebondel, dy't goed ûntfongen waard. Hy soe dêrnei yn literêr Fryslân in wichtich man wurde mei syn gedichten, lietteksten, psalmberimings en toanielwurk en as redakteur fan literêre tiidskriften. Fierders wie er aktyf as politikus, foar de oarloch yn de Christelijk-Democratische Unie en nei de oarloch yn de Partij van de Arbeid. Fan 1956 oant 1963 siet er yn de Twadde Keamer. Hy kaam yn 1946 út Amsterdam wei werom nei Fryslân en waard doe (haad)redakteur fan de *Friese Koerier* en redakteur fan it literêre tydskrift *De Tsjerne*. Schurer is dus in man dy't perfoarst wol in biografy fertsjinnet. Auteur Johanneke Liemburg jout ek oan 'besibbens' mei de haadpersoan te fielen: se hat sels as sjoernaliste wurke en lid fan de Twadde Keamer west.

De dissertaasje giet benammen oer Fedde Schurer syn politike en sjoernalistike aktiviteiten. Dêrby heart fansels syn rol yn de Fryske Beweging. It giet Liemburg minder om syn literêr wurk, al komt dat yn it boek wol oan 'e oarder. 'Ik ben geen letterkundige', oardielet de auteur en dy beheining moat de lêzer akseptearje. Mar by de promoasje wie ien fan de fragen dochs oft de betsjutting fan Schurer yn it foarste plak net dy as Frysk poëet wie. En oft er yn de ûndertitel fan it boek net better 'de sjonger' fan Fryslân as 'de koerier' neamd wurde kinnen hie.

De biografy is ‘strikt chronologisch’ fan opset: fan in ‘fijne jeugd’ (1898-1917) oant en mei ‘uitgespeeld?’ (1964-1968). Dan folget noch in ‘achteraf’, dêr’t guon saken op in rychje set wurde. It boek is it risseltaat fan drege stúdzje, dat seker. Yn it haadstik oer Schurer syn jeugd lit de auteur direkt al sjen dat se har net tefreden stelt mei wat Schurer dêr sels yn syn (ûnfolslein bleaune) autobiografy oer fertelt. Har syktocht yn it befolkingsregister makket dúdlik dat der net safolle oerbliuwt fan it famyljeferhaal sa’t Schurer dat yn *De besleine spegel* fertelt. Fierders hâldt Liemburg it ferhaal breed, mei omtinken foar de eftergrûnen en de kontekst fan de tiid dêr’t Schurer yn libbe. Sa wurdt efkes oanhelle dat de *Drachtster Courant* yn 1897 oanrette om op Troelstra te stimmen en dat in jier letter Wilhelmina ynholdige waard. Datsoarte fan details makket it ferhaal better lêsbere en Liemburg fiert dy útstapkes ek wer net te fier troch. Boppedat is de eftergrûnynformaasje dy’t se yn de haadstikken oer Schurer syn aktiviteiten yn de Fryske beweging en yn de polityk jout, foar de lêzer bittere needsaak. Men hoecht no gjin ‘ynwijdje’ te wêzen om it ferhaal fan Schurer syn libben folgje te kinnen.

Mar wat oerbliuwt nei it lêzen fan it boek – en dat komt mear en mear nei boppen as men fierderop yn it ferhaal komt – is: wat wiene no de essinsjele fragen dy’t de auteur oan it bestudearre materiaal steld hat? Net dat fragen yn it boek ûntbrekke. De auteur stelt yn de rin fan Schurer syn libbensferhaal op hiel wat plakken har fragen en besiket dêr in antwurd op te finen. Op himsels is dêr neat mis mei, mar in gearhing tusken dy fragen is der net. En ek in oardering dêrfan ûntbrekt. Wat binne no bygelyks de meast elemintêre fragen en hokker binne fan minder belang? Om it oars te sizzen: it boek mist yn it foarste plak in probleemstelling. Soks is fansels by in biografy faak in probleem, om’t men dêr net maklik teoretyske opsjes op loslitte kin. Mar der moat wol in dúdlike systematyk yn de beantwurde fraachstellingen sitte, dy’t net as losse eintsjes yn it ferhaal sitten bliuwe meie.

Boppedat binne yn it boek net alle fragen eksplisyt formulearre en binne der noch gâns fragen dy’t wol steld wurde, mar net, heal of te maklik beantwurde wurde. De auteur neamt eksplisyt de rol fan frou Schurer as in fraach dy’t se yn de rin fan it boek beantwurdzje wol. Op dy fraach komt eins hielendal gjin oar antwurd as dat frou Schurer der foar Fedde thús wie, en dat seit net safolle. In twadde foarbyld is in mooglik homoseksueel aspekt yn de (fierders dochts yntellektuele) relaasje tusken Schurer en Douwe Kalma. In ferwizing nei in kryptyske passaazje yn in brief fan Schurer brûkt de auteur om te stellen dat Schurer *miskien wol* neat ha moast fan in *mooglike* ferwizing dêrnei troch Kalma yn de korrespondinsje fan dy syn kant. Eins komt dêr neat oer boppe wetter en dan kin men sa’n fraach better hielendal mar net stelle.

Liemburg neamt Schurer in firtuoas polemikus. Ek syn freon dûmny Buskes beskreau him al as in master yn it debat en yn de diskusje. Schurer syn reaksje op it mandemint fan de Nederlânske biskoppen (1954), dat der op delkaam dat mei strafdriging fan ekskommunikaasje it lidmaatskip fan de PvdA foar katoliken ferbean wie, is in prachtich foarbyld fan syn kwaliteiten as polemist. Mar – en dat bliuwt by my dochts hingjen – Schurer hie hiel wat muoite mei krityske reaksjes op syn ei-

gen kritysk oangean fan diskusjes. In foarbyld: Schurer syn oanfal op it bekroane boek *Volg het spoor terug* fan J.B. Charles. Hy neamde it boek net mear as in ôfreckening. Liemburg jout oan hoe't Schurer it fierdere debat mei Charles, in echte grutmater fan de krityske polemyk, oer it gefaar fan in fundamintalistysk nasjonalisme dan út 'e wei giet. Ut it boek komt goed nei foaren dat Schurer, al houde er nei oaren ta rûch om him hinne, nei de oarloch in krityske reaksje op wat er skreaun hie hielendal net ferdroech. Schurer fielde him al gau persoanlik oanfallen en hy beklage him dêr dan oer by freonen. Hy makke ek in ein oan freonskippen as er him troch mei-redakteuren en geastbesibben yn de steek litten fielde. Soks lit Liemburg yn har boek mei gâns foarbylden sjen.

De jonge Fryske skriuwers fan nei de oarloch krigen fan him yn de polemyk gjin inkelde rûmte en dus gjin sint kredyt. Liemburg stelt dat der tusken Schurer en de jongere Fryske skriuwers in generaasjekonflikt lei. As foarbyld neamt se syn konflikt mei Anne Wadman. Yn syn reaksje op it artikel fan Bauke de Jong út 1965 oer it benypte karakter fan it Frysk nasjonalisme fan E.B. Folkertsma (en oaren) gie Schurer bygelyks allinich yn op de toan fan de oanfal. Hy stie dêryn net allinnich. Mar wêr't it De Jong yn syn artikel eins om gong, komt by Schurer hielendal net oan 'e oarder. En krekt fan Schurer soe men dat wol ferwachtsje. De oarsaak dêrfan wie dat er in oanfal op syn eardere striidmaat E.B. Folkertsma, boppedat jierrenlang meiredakteur fan *De Tsjerne*, net lije woe. Dyselde problematyske hâlding fan Schurer foar jongere, modernere skriuwers oer komt men tsjin as er it suver as ienling opnimt foar Hendrik Algra yn dy syn oanfal op Gerard Reve. Ek syn besprekken fan Wadman syn *De Smearlappen* en *Leafdedea* fan Homme Eernstma lieten sjen dat Schurer in man fan de âlde stimpel (wurden?) wie, dy't grutte problemen hie mei de feroarjende moraal en de delslach dêrfan yn de Fryske literatuer. Liemburg lit sjen dat fan de grutte Fedde Schurer in wat tragysk figuer oerbliuwt, dy't nei de oarloch mear en mear bûten gâns ûntjouwings yn Fryslân stie. Dat is in fertsjinste fan it boek. Al is it fansels net aardich om it demaskee yn de jierren nei 1960 te beskriuwen fan immen dy't yn it ferline grutte fertsjinsten hân hat foar de Fryske literatuer, de Fryske Beweging en de striid foar it Frysk. Men freget jin dan ôf oft Schurer syn anty-dogmatisme fan foar de oarloch letter net omslein is yn in stykjen bliuwen yn syn eigen tinkbylden fan út dy tiid. En hie er wat dat oanbelanget miskien mar better net nei Fryslân en it lytse rûntsje fan literêre pommeranten dêr weromkomme kind? Liemburg freget har dat ek wol ôf.

Yn dit boek wurdt as ferklearring jûn dat Schurer him net realisearre dat Fryslân nei de oarloch sterk feroare wie en dat er sels finzen siet yn it sletten groepstinken fan de redaksje fan *De Tsjerne*. Mannen as Schurer tochten de Fryske taal en literatuer in tsjinst te bewizen troch fêst te hâlden oan (de yllúzje fan) de tradisjonele Fryske plattelânsmienskip en de wearden en noarmen sa't dy bewoartele wiene yn in konservatyf-kristlike libbensopfetting. It modernisme fan de jongere generaasjes (urbanisearring, sekularisaasje, eksplisitearring fan de seksualiteit, opkommend yndividualisme) en de oanfal op de besteande gesachsferhâldings, dêr koe er net mei libje.

In oare fraach dy't steld wurde kin, is dy nei Fedde Schurer as religieus-sosjalist, en dan benammen syn rol as politikus. Opfallend is dat er him yn 1956 yn de Twadde Keamer kieze lit foar de Partij van de Arbeid en sân jier keamerlid bliuwt. Ommers, nei't er yn 1935 keazen wie ta lid fan Provinsjale Steaten fan Noard-Hollân foar de Christelijk-Democratische Unie, joech er al yn febrewaris 1936 belies. Ek al wie er in goed sprekker, de polityk wie neat foar him, sa oardiele er. Hy fielde him mear skriuwer. Doch kearde er (op oanstean fan Vondeling?) werom yn de polityk. Hy foarme yn de Keamerfraksje fan de PvdA mei Huub Franssen en Jo Koopmans in lytse passifistyske groep. Soks kleardernôch om binnen de partij, dochs de opfolger fan de SDAP, dy't foar de oarloch jierrenlang it anty-militarisme ferkundige hie, it part fan de êfterbân dat him dêrmei besibbe fielde, in stim te jaan. Liemburg jout oan dat de partijdissipline him oplei om te folstean mei in stimferklearring by de begrutting fan Definsje. It wurd mocht er der net oer fiere. Schurer hat dus as atoompassifist, útsein yn syn maidenspeech, yn de Keamer nea it wurd fierd oer de kearnwapens. Hy bleau ek yn de partij doe't de Pacifistisch-Socialistische Partij oprjochte waard en it partijkongres de passifistyske amendeminten op it partijrapport *In dienst van de Vrede* fersmiet.

Wa't yn it digitaal argyf fan de *Leeuwarder Courant* op ynternet op 'Schurer' siket, komt mar in hiel lyts bytsje fan syn aktiviteiten yn de Keamer tsjin. Syn kollega fan de ARP, Hendrik Algra, mei wa't er yn de trein fan en nei Den Haach siet, joech oan dat Schurer him wolris ûntfalle litten hie dat de Keamer en de polityk neat foar him wiene. Al dat taktyske gedoch, al dy rapporten fan saakkundigen. As er polityk al in rol spile, dan wie dat as populêr sprekker yn Fryslân, as bestrider (yn in brosjure) fan it mandemint fan de biskoppen, as man dy't foaroan stie yn de aksje om de Lauwerssee ôf te sluten en by de aksjes foar it Frysk. Mar yn de Lauwerssee-aksje operearre er net as Keamerlid fan de PvdA, mar as bewegingsman. Foar de PvdA wie Schurer wichtich as stimmelûker: in oprjochte Fries, dy't foar it kristlik folksdiel in symboal wie fan de trochbraak en dy't as pasifist by ferkiezings de PSP de wyn út de seilen helje koe. Dat hiele ferhaal komt kreas yn dit boek nei foaren.

Johanneke Liemburg lit yn har biografy fan Schurer sjen dat se skriuwe kin en dat tilt it ferhaal foar de lêzer wol oer de wittenskiplike beswieren oangeande probleemstellings hinne. Ik boek jout in goed dokumintearre byld fan it brede skala fan Fedde Schurer syn aktiviteiten en fan syn libben. Dêrby nimt it in kreas plak yn as oanwinst tusken de biografyske boeken dy't de lêste tsien jier skreaun binne oer Fryske (literêre) pommeranten as Reinder Brolsma (Doeke Sijens), Anne Wadman (Joke Corporaal), Douwe Tamminga en Tiny Mulder (Geart de Vries). Dizze biografy fan Fedde Schurer makket yn alle gefallen ek wer ris dúdlik dat it wachtsjen no is op in biografy fan Douwe Kalma. Wa doart dat oan?

Johan Frieswijk
Vlaslaan 75
9244 BZ Beetstersweach